



SNEIN-DEI BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.
Snein, 4 maaie 2014

Wolkom

Alderling fan tsjinst Sándor Weerstra hjit ús wolkom. It iepeningsliet is 650 : 1 *"De aarde is vervuld van goedertierenheid van Goddelijk geduld en Goddelijk beleid"*



antwurd. De froulju sjonge de fraach, de manlju sjonge it antwurd.

Oanslutend wurdt Markus 9 : 33-37 lêzen, oer wa 't de wichtichste is.

Oertinking oer Betinking

It bliuwe bysûndere dagen: hjoed 4 maaie de deadebetinking, moarn befrijingsdei en 10 maaie, it begjin fan de 2^e wrâldoarloch. Betinke is altyd: wêrom sjen mei it each op 'e takomst. Werom woe Hitler it Joadske folk útmoardzje? In bekende útspraak fan Hitler wie: *"It gewisse is in Joadske útfining"*. Mefrou de Boer least in stikje foar fan in Joadske jonge fan 16 jier dy't de konsintraasjekampen oerlibbe hat yn tsjinstelling ta syn heit, mem en jongste suske.

As yllustraasje fan solidariteit fertelt de foargongster

oer it Poalske famke Edith dat yn in finzenkamp sitten hat en de Poalske pastoar Karol Woityla, de lettere paus Johannes Paulus II.

In ymposant ferhaal oer hoe 't de pastoar har libben rêden hat. Edith hat de paus letter yn Rome noch betanke en de paus hat har segene.

Wa 't ien minske rêdt, rêdt de hiele wrâld. Sa as Mozes ek rêden is.



Fotum en groet

Nei bemoedigjen, groet en stil gebed sjonge we de ferzen 6 en 7 fan liet 670. Dêrnei bidde wy it smeeke gebed: *"Wy komme hjir by elkoar om*



Jo ferhaal te hearren. En ûntfermje jo oer de oarlochsdrigings en hokker kwea minsken elkoar oandogge". Ut liet 678, oer de moesson fan de Geast, sjonge wy de ferzen 1,2,4,5 en 9.

Tsjinst fan de skriften

Foar de skriftlêzings bidde wy ûnder oaren: *"Jou fertrouwen yn it Wurd fan Jo."* Lêzen wurdt Eksodus 2 : 1-10 oer de berte fan Mozes. Hjiroer sjonge wy liet 167, in liet fan fraach en

Hijrnei folget in amerij stiltme en oargelmuzyk.

Tsjinst fan it dielen



De blommen
geane hjoed nei
de fam. Siebe
van der Woude
oan de
Legedyk.

1^e kollekte:
pioniersplak
foar jongerein
yn Woerden
2^e kollekte:
tsjerklik wurk.

Gebeden

Wy tankje Jo foar alles wat wy gewoan fine. De frede is net fanselssprekkend. Bidde foar minsken yn flechtlingekampen en foar wa 't yn eangst en pine de oarloch meimeitsje of meimakke hawwe. Nei it stil gebed bidde we mei elkoar it Us Heit.

Hinnestjoeren en seine

It slotliet is liet 838 : 1,2,3 en 4 oer "Het diepste Woord".



De Seine
wurdt
beändere mei
it sjongend
"Amen, amen,
amen."

As lêste wurde
twa ferzen fan
it Wilhelmus
songen.



Kofje mei gebak

Nei ôfrin is
der
kofjedrinken
mei in lekkere
traktaasje fan
Germen ten
Cate en Carla
van der Graaf
fanwegen
harren 25
jierrich houlik.



Meiwurkers

Foargonger	Mefrou C. de Boer-Bergstra, Scharnegoutum
Oargelist	Albert Minnema
Koster	Klaas Krol
Alderlingen	Sándor Weerstra, Simon Turkstra
Diakens	Janny Pimmelaar, Wiebren Jongbloed
Blommen	Fokje Tolsma

